

**MUNLINGE FRAGEN / FRAGENOERKE op grûn fan kêst 38 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS/ Deputearre	De Vries  <b>Posysje Omrop Fryslân yn Mediabrief TK d.d. 13 oktober 2014</b>
	<p>Earder dit jier hat it regear yn in Mediabrief nr. 309071 de plannen foar de útwurking fan it regearakkoart op it stik fan Media oanjûn. In ûnderdiel wie it ûnderbringen fan de regionale stjoerders ûnder it bewâld fan 'Hilversum'. Yn it nijste Mediabrief nr. 669132 d.d. 13 oktober is it regear wer fan dit foarnimmen ôfstapt. Yn it haadstik oer de regionale Omroppen is no sprake fan regionale mediasintra om (fasilitêr) gear te wurkjen en effisjinsjeoardielen te beheljen.</p> <p>De ynhâldlike en programmatyske autonomy fan de regionale omrop wurdt no erkend. Op side 23 refereart it brief wol oan in ûnôfhinklike takomst foar Omrop Fryslân op basis fan de eigen identiteit, lykas yn de moasje-Heerma troch de Twadde Keamer frege, mar yn it ferfolch wurdt net dúdlik hokker (finansjele) konsekwinsjes de Steatssiktaris hjir oan ferbynt.</p> <p>Sa bliuwt it noch hieltyd ûndúdlik oft it Ryk foar de spesjale opdracht fan Omrop Fryslân te oansjen fan de folsleine en alsidige programmearing yn it Frysk as Twadde Rykstaal ek (ekstra) jild útlûke wol. Provinsje en Ryk hawwe oer dat doel al ôfspraken makke yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018. De Steatssiktaris rept lykwols net fan dizze BFTK, en ek net fan de advizen fan de Kommisje-Hoekstra oer de Omrop.</p> <p>It ferlet om de finansjele posysje fan Omrop Fryslân no einlings ris struktureel goed te regeljen – mei yn relaasje ta de bysûndere opdracht foar it Frysk – wurdt op dizze wize noch hieltyd net oan foldien. Finansjele dekking út hieltyd mar wer tydlike budzjetten foldocht net foar dit strukturele doel.</p>
Fraach / fragen	1. Diel jo de lêzing fan de FNP fan it Mediabrief fan 13 oktober ten oansjen fan Omrop Fryslân?
	2. Binne jo it mei de FNP iens dat Omrop Fryslân om foldwaan te kinnen oan de bysûndere opdracht foar it Frysk ferlet hat fan in struktureel goed regele finansiering út de oerheid wei?
	3. Hokker stappen moatte der no neffens jo set wurde om dit doel te berikken, wannear en yn hokker folchoarder?

	4. Hoe sille jo PS hjir by belûke?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Annigje Toering
---------------	---

Datum	22 oktober 2014
-------	-----------------